

**Oan de leden fan de Feriening Frysk Underwiis**

→ 110525.[2]FFU...

Itens, 18 april 2011

Underwerp: jiergearkomste FFU 2011

Achte leden en stipers,

It bestjoer fan de **Feriening Frysk Underwiis** noeget jimme út foar it bywenjen fan ús jiergearkomste. Fan 't jier is net keazen foar in keppeling oan in gearkomste yn 'e mande mei besibbe organisaasjes. Takom jier – by libben en wolwêzen – sil de FFU 25 jier bestean. In mylpeal om no alfêst efkes by stil te stean. Wat hat de FFU út de wei set (klik ek ris op: www.ffu-frl.eu) en wat is it belang fan in organisaasje fan en foar âlden as de FFU?

De wetlike posysje fan it Frysk yn it basisûnderwiis is net sa min, mar de praktyk is oars. Yn it fuortset ûnderwiis is de wetlike posysje noch lang net goed.

Yn it lêste ynspeksjerapport (*Tussen wens en werkelijkheid*, novimber 2010) wurdt de oanbefelling dien om de kwaliteit fan it Frysk troch de ynspeksje net earder wer ûndersykje te litten as wannear't de learlingen yn bû en fû folge wurde kinne mei in noarmearre toets- en learlingfolchsystem foar it Frysk. Op himsels neat op tsjin, mar oan in foar it Frysk ornearre lêstoets (basisûnderwiis) wurdt noch wurke en in folweardich folchsystem is der noch lang net. Underwilens docht de ynspeksje der alles oan om it ûnderwiis op de skoallen te beheinen ta rekkenjen en taal (lês: it Hollânsk). Mei oare wurden: de ynspeksje sjocht it Frysk net as in serieuus fak en skoallen wurde earder ûntmoedige as stipe om it Frysk yntegraal yn it ûnderwiis stal te jaan.

Der is mei spanning útsjoen nei it rapport fan de kommisje-Hoekstra: hoefolle foech oer it (ûnderwiis yn it) Frysk soe fan it Ryk nei de provinsje Fryslân oerbrocht wurde? (It rapport is fan july 2010 en waard oanbean op 3 maart 2011). It foel ôf, mar wy moatte grif bliid wêze mei in earste stap. Ut in Hollânsk perspektyf wei besjoen is mear foech nei Fryslân suver in ierdferskowing. De fertsjintwurdiger fan it ministearje fan Underwiis yn de kommisje wie dan ek tsjin eltse stap yn 'e rjochting fan mear foech nei de provinsjale oerheid. Hy wie fan betinken dat artikel 23 fan de grûnwet (giet oer de ûnderwiisfrijheid) en it nasjonaal ûnderwiisbelied him der tsjin fersette. De skoallen yn Fryslân wolle leaver ek gjin foech nei de provinsje, want se binne benaud dat se dan mear oan it Frysk dwaan moatte. **Der is noch in wrâld te winnen!**

It bestjoer hat der ferlet fan om mei de leden nei te tinken oer de takomst fan it Frysk yn it ûnderwiis yn Fryslân. Der is ek ferlet fan jonge(re) minsken foar de aktiviteiten fan de organisaasje.

Wy noegje jimme dêrom út foar de jiergearkomste op 25 maaie 2011, de jûns om 19.30 oere, op ús fêste bestjoersadres: Bleekhof 55 yn Ljouwert (adres fan Klaske Straatsma).

It programma sjocht der sa út:

1. Iepening
2. Ferslach jiergearkomste 21 april 2010
3. Jierferslach 2010
4. Finansjeel oersjoch 2010
5. Fryske toetsen (Sytze Hiemstra)
6. Rapport kommisje-Hoekstra (Tom Dykstra)

s.o.s.

7. 25 jier FFU en fierder
8. Omfreegjen en sluten

Yn ferbân mei it klearsetten fan de stuollen, tee/kofje mei wat der by is it saak dat jimme efkes berjocht jouwe as jimme fan doel binne om te kommen. Graach foar **21 maaie** nei ien fan de neikommende adressen:

- de skriuwer, till. 0512-518927 of e-post ffupost@hotmail.com
- de foarsitter, till. 0515-331868 of e-post dijkstrathomas@hotmail.com

Mei freonlike groetnisse
en graach oant sjen op 25 maaie 2011,

Th. Dykstra,
foarsitter FFU
april 2011

De ponghâlder soe foar it jier 2011 de kontribúsje barre wolle:

- a. De bydrage foar it jier 2011 fan €10 (wat mear is fansels tige wolkom!) graach oermeitsje op banknûmer **23.56.038** op namme fan: **skathâlder FFU, dhr. E. Knotter, De Sweach/Beetsterzwaag**.
- b. As jo de kontribúsje foar *eardere* jierren noch net oermakke hawwe, dan dat ek graach ynoarder meitsje.

Us tank!

Taheakke:

Jo kontribúsje oer de jierren 2008/2009/2010 hawwe wy al / noch net krige.

Bedrach €.....

De ponghâlder

- ferslach jiergearkomste 21 april 2010
- jierferslach 2010
- finansjeel ferslach 2010
- strypke foar de kontribúsje

